



DOARPSNIJS

Nûmer 408

juny 2017

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	571855

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Jeannet Bekedam (voorz)	Hoitebuorren 12	571597
Piet Rienstra (secr)	Omrin 2	571866
secretariaatdb@nijemirdum.nl		
Hedwig Beukens	De Hege Bouwen 2a	572278
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	571785
Rienk Nadema	Hege Bouwen 25	572101
Jaap Douwe Bokma	Hoitebuorren 13	571328
Jelte Draijer	Omrin 9	571484

E-mailadres buertplysje: dirk.hebing@friesland.politie.nl of www.politie.nl

Kontaktpersoan gemeente: r.zijlstra@fryskemarren.nl of

tel. 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

STOARN

Op 13 juny is stoarn de heer **Klaas Muizelaar** fan Balk. Hy is 92 jier wurden.

NIJE YNWENNERS

Sinds 2 juni wonen wij (familie van Vliet) op De Hege Bouwen 14. Wie even kennis wil komen maken is van harte welkom!



Hartelijke groet,
Alex van Vliet, Wendy van der Meulen & Ueli (onze hond)

FAN DE REDAKSJE

No't hiel Nijemardum yn 'e berûzing fan it doarpsfeest is, sitte wy ek net stil en komme mei de folgjende opdracht:

Stjoer safolle mooglik jeugdfoto's fan ynwenners fan Nijemardum foar 1 july nei Jantsje Akkerman.

Sy is in betûft skriuwster en wennet op 'e Lyklamawei 27. In foto oer de e-mail stjoere kin ek nei : redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Jimme wolle dochs ek score? De buert dy't de measte foto's opstjoert kriget "twelf points", mar dêr bliuwt it net by. Us waarme bakker Douwe bringt alle moannen in sûkerbôle nei de winner fan "Wa bin ik?".

Soks is dochs net te fersitten?



NOCH BY JUF

Sietse is earst wat skrutel as ik him freegje foar de rubryk 'Noch by juf' mar seit gelokkich gjin nee. As ik moandeitemiddei nei skoaltiid by him foar de doar stean, is hy earst ek noch wat ferlegen mar sa gau 't wy los binne is dat oer.

Sietse wennet op de Lyklamawei 33 mei syn heit Daniël, mem Tryntsje en suske Hilde.

Hoe âld bisto?

Ik bin 8 jier.

Ha jimme ek húsdieren?

Wy ha in poes, twa fisken en wy hiene noch in kavia en in oare poes mar dy binne der net mear. En wy ha noch in knyn. *In gesellige bisteboel! De knyn en de poes binne Sietse syn favoriten.*

Yn wat foar groep sitsto?

Yn groep 4, by juf Geeske en juf Tinie.

Hoe fynst it op skoalle?

In bytsje leuk!

Wat fynst ik moaiste op skoalle?

Op de kompjûter rekkenjen en taal dwaan. De kompjûter sjocht it lyk nei. Dan wit ik daliks wat ik ferkeard dien ha. 'Taal actief' fyn ik erg leuk.

Wat is dat dan, Taal actief? Dat is in soarte fan kopiearre boek op de kompjûter. En soms komt der ek in spultsje op en dat is erg leuk.

En wat fynst it ferfelendste op skoalle?

Skriuwen, spelling en rekkenjen (*allegearre net op de kompjûter*) fyn ik net sa leuk.

Praatst ek Frysk op skoalle?

Soms Frysk, as wy ek Frysk lêze. En as wy dan wer nei hús geane dan prate wy net mear Frysk. Der is gjin fêste Fryske dei.

Wat wolst letter wurde?

Motorcrosser en boer!

Hokker boer bedoelst dan? In bargeboer of in boer mei kij?

Skieppeboer! *Oan Sietse syn mem har gesicht te sjen, is dit nijs foar har!*

Wat fynst leuke tv-programma's?

Ik sjoch wol nei Cartoon Network, mar Lachen om Home video's fyn ik it leukste. Hast elkenien op skoalle sjocht der wol nei.



Fynst lêzen ek leuk? En wat foar boeken meist dan graach lêze?

Ik fyn lêzen net echt hiel leuk mar ik fyn boeken oer de oarloch of oer bisten en trekkers wol moai.

Wat foar muzyk hâldst fan?

Ik hâld net fan in bepaalde soarte muzyk. Sommige nûmers fyn ik wol leuk mar dan wit it net hoe as sy hjitte. Muzyk yn de auto fyn ik it leukste! *Mem fertelt dat sy dan altyd meisjonge mar dat fynt Sietse "irritant".*

Dochst ek oan sport?

Ik sit op fuotbal by de F1 van SV NOK. Wy binne dit jier tredde wurden yn de earste klasse! Ik fuotbalje ek wol hiel faak mei Roald; wy dogge dan wa't skoart hat, is keeper. Ofrûne sneon ha wy noch op fuotbalreiske west. Dat wie fet leuk! Wy koene dêr wetterfytse en ha noch in wettergefjocht dien.

Wat foar boartersguod fynst it moaist?

Myn legertanken! Ik fyn alles fan it leger wol moai.

Boartest wolris bûten?

Ja, fuotbalje fansels en yn it swimbad. En mei Ids ha ik in hutte makke by it skulpepaad. Kinst it hast net sjen. Hiel heech yn de loft ha wy in dak makke. En wy ha der ek in wc yn sitten.

Wat fynst it lekkerst om te iten?

Pizza, hamburger en frikandellen. *Griente en ierappels fynt Sietse net sa lekker.*

Helpst heit of mem wolris?

Ja, ik mean wolris foar heit it gers. Ik krij de meaner ek al sels oan. En ik help pake ek wolris mei it meanen. Pake hat in grut stik hiem om te meanen; dat is wol hiel folle wurk. Ik wol it it leafst sittend dwaan, dêrom sparje ik foar in sitmeaner.

Gean jimme dit jier ek op fakânsje?

Ja, nei Italië. Mei it fleantúch. Fleanen fyn ik wol leuk; allinnich it lânjen fyn ik wol eng. Mar it omheech gean is cool, dan giesto kei-snell!

Sitst faak efter de kompjûter?

Ja, ik spylje dan Word of Tanks; hoe better as't it spultsje spilest hoe sterker de tanks binne dy'tst hast. En War Thunder spylje ik ek faak. *Ik stean te klapperjen mei myn earen. Fan dizze spultsjes ha ik noch noait heard! Wa wit komt dat skielk noch ris...*

Ast no 2 winsken dwaan mochtst, wat soest dan winskje?

In echte legertank en in Vredo. *Mem freget har ôf wêr't dat dan allegearre stean moat? Mar dat kin fansels wol by Pake yn de tún! Dy hat romte genôch!*

Sietse is gek fan it leger mar wol it leger net yn. Mei legertanks en gewearen boartsje is foar him wol genôch. Fansels moat hy dan ek op de foto mei ien fan syn moaie legertanks!

Ik betankje Sietse foar it ynterview en gean wer op hûs oan. Sietse makket dat hy by Roald komt; hy wol wol efkes fuotbalje!

Hedwig



Foto makke troch Gerlof Otter fan it Nijemardumer Volleybaltoernoai

WA BIN IK?

Doe't Bauke Beukens nijjiersmoarn 2008 de gerdinen iepenluts, wie it earste wat hy yn de tún stean seach, in mânsk grut boerd mei de tekst " MAN MET ZAAD ZOEKT VROUW MET PIT ". Bauke hoegde net lang nei te tinken wa,t him ferrasten mei dizze winsk foar it nije jier. Wêr ha jo oars maten foar; dy witte it faaks better dan jo sels.



En ja, it moat sein, troch alle drokte mei de Garant siedhannel foel it net ta om in pittich famke te finen.

Dan it ynternet mar op en tichter by dan hy ea tocht hie... dêr wie se dan: Hedwig Eiling út Blauhûs.

Alhoewol 't Bauke en Hedwig betûfte follyballers wiene, ha se elkoar mei wedstriden nea troffen wylst dat best mooglik wie.

Mar de leafde bloeide en groeide en yn 2010 stapte it stel yn it houliksboatsje. En al farrende wei kamen der ek noch trije lytse poppen oan board: Elske, Gert en Nynke.

No sit Hedwig al wer in moai skoft yn de redaksje fan ús doarpskrantsje en dan is it dus heech tiid foar in bernefoto fan har yn: Wa bin ik.

Op dizze foto is Hedwig 2 jier âld en hy is makke yn har berteplak Blauhûs.

En al is it al wer 9 jier lyn dat it boerd by Bauke yn de tún stie, it wurdsje "pit" die noch altyd syn wurk. Guon tochten oan Iris Holtrop. Miskien troch de moaie krollen yn it hier?

Diskear 8 nammen yn de hoed wêrút it ûnderwerp fan dit riedsel de namme fan Annelien Postma helle.




Wa is dit jonkje?

Belje gau nei nûmer 571889

Dat kin oant en mei sneon.

Jantsje



*Fan eksamens
kríjst útslach*

DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Rintsje Draaijer	Agrarische Dienstverlening Draaijer
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Arjan Hendriks	Garagebedrijf Hendriks
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Stephan Mast	Timmer- en onderhoudsbedrijf Stephan Mast
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorpshuis
Runia Fourage BV	(Klein)diervoeders, aardappelen enz.
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedcentre B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Edze Westra	Edze Westra Trading BV

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste woansdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

AGINDA

- 29, 30 juny, 1 july : doarpsfeest
- 26 augustus : fiskwedstryd
- 20 septimber : ynformaasjejûn takomst Doarpshûs

Elke 3e sneon fan 'e moanne wurdt it âld papier ophelle.

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op woansdei 26 july 2017

Let op! Yn augustus ferskynt it doarpsnijs net!

KOPIJ YNLEVERJE foar woansdei 19 july 2017

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: [**redaksje.doarpsnijs@gmail.com**](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)